

De Fryske Akademy siket om in

Direkteur-bestjoerder

dy't de wittenskiplike taak fan it ynstitút fuortsterkje kin op it mêd fan de Fryske taal, skiednis en kultuer, minderheidsstúdzjes en meartaligens.

Oer de Fryske Akademy

De Fryske Akademy yn Ljouwert docht wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal, de meartalige maatskippij en de skiednis fan Fryslân en leveret dêrmei in kritysk-opbouwende bydrage oan de ûntwikkeling fan de maatskippij en oan it ynternasjonale wittenskiplik debat.

As ynstitút dat oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen (KNAW) liearre is, bliuwt de Fryske Akademy stevich yn de Fryske regio ferankere en dielt er syn kennis mei alderhande wittenskiplike ynstellingen en maatskiplike partijen yn binnen- en bûtenlân, lykas it Instituut voor de Nederlandse Taal (INT), Campus Fryslân/RUG en it Centre for Language and Speech Technology (CLST).

Belangrike ûntwikkelingen yn ús organisaasje

De Fryske Akademy wol him yn de kommende jierren fierder ûntwikkelje ta in ûndersyksynstelling mei in sterke netwurkfunksje, dy't nau oparberdet mei oare (ynternasjonale) wittenskiplike én maatskiplike organisaasjes, yn Fryslân likegoed as dêrbûten. Dêrby leit de klam op it fersterkjen fan 'e multydisziplinêre gearwurking tusken ûndersykmêden binnen de talige en histoaryske dissiplines. It ûndersyksprogramma is opdield yn ûnderskate ûndersykslinen. Dy falle foar in part ûnder it haadtema 'Skiednis fan Fryslân' en foar in part ûnder it haadtema 'Taal yn Fryslân'.

De stichting wurket ta nei in lytse fêste stêf, dy't mei oare wittenskiplike ynstellingen yn 'e omjouwing pro-aktyf oparberdet. Dêrta binne de ôfrûne moannen ús taken, missy en programma's kritysk tsjin it ljocht holden en op 'e nij definiearre. Troch eksellint en ynnovatyf ûndersyk op spesifike fjilden te dwaan en produkten te leverjen mei in grutte maatskiplike impact, wol de Fryske Akademy him oantreklik meitsje as ûndersyksynstitút en as wurkjouwer foar (jong) talint.

De taken

De direkteur-bestjoerder hat in funksje mei bestjoerlike en wittenskiplike taken. Jo kinne jo eigen wittenskiplike dissipline foar in part útfieren bliuwe.

Yn 'e mande mei de Ried fan Tafersjoch, de meiwurkers en oare belutsen partijen, jouwe jo foarm oan it strategysk belied en binne jo ferantwurdlik foar de tarieding en útfiering dêrfan. Dêrby steane jo noed foar de wittenskiplike kwaliteit, it maatskiplik draachflak en de finansjele fuortgong fan 'e organisaasje.

Dêrneist behertigje jo de eksterne kontakten en fertsjintwurdigje jo de organisaasje by partners dêr't mei gearwurke wurdt, oerheden en oare belanghawwenden. Jo bouwe dêrby aktyf oan en partisipearje yn ferskate regionale en lanlike netwurken.



Jo profyl

Foar dizze funksje:

- hawwe jo in brede fyzje op de wittenskiplike rol en maatskiplike funksje fan it ûndersyksynstitút en kinne jo dy oersetten nei it belied en de fierdere ûntwikkeling fan 'e stichting;
- sykje jo aktyf gearwurking mei besibbe organisaasje en steane jo dêrby foar it belang fan 'e Fryske taal en kultuer en it ûndersyk dêrnei;
- hawwe jo each foar de balâns tusken wittenskiplik, maatskiplik en finansjeel rendemint, en wage jo kânsen en risiko's op 'e tiid ôf;
- beskikke jo oer in grut (ynternasjonaal) netwurk, ûnder oaren yn 'e wittenskiplike sektor, en binne jo oantoanber by steat om dat yn te setten foar strategyske alliansjes en it winnen fan subysydjes foar ûndersyk;
- binne jo in lieder mei fyzje, dy't ferbynt en op resultaat rjochte is; jo coache, motivearje en ynspirearje, lizze ferantwurdlikheden leech yn 'e organisaasje en jouwe meiwurkers romte en fertrouwen;
- doare jo knopen troch te hakjen en binne jo dúdlik, konsistent en trochtaastend;
- hâlde jo it each oer byldfoarming fan 'e stichting en kinne jo goed mei de media omgean.

Funksje-easken

- akademysk wurk- en tinknivo (promovearre wittenskipper yn in alfa- of gammadissipline);
- behearsking fan 'e Fryske taal, of de reewilligens om jo it Frysk op koarte termyn eigen te meitsjen;
- ûnderfining mei it ûnderhâlden fan (bestjoerlike en wittenskiplike) netwurken en gearwurkingsferbannen;
- ynsjoch yn oerheidssubsidiearring en yn fûnseswyljen;
- by dizze funksje passende kennis en ûnderfining op it mêd fan finânsjes, HRM en ICT.

Wy biede

In beneaming foar in termyn fan fiif jier, mei de mooglikheid om op 'e nij te beneamen. De ynskaling fan de funksje is, ôfhinklik fan oplieding en wurkûnderfining, maksimaal skaal 16 (€ 6.218,- - € 8.127,-) fan 'e cao Nederlandse Universiteiten.

Sollisitearje en mear ynformaasje

Kandidaten mei in ekspertize yn ien fan dizze oanbelangjende fjilden en affiniteit mei minderheidstalen en -kultueren wurde nûge te sollisitearjen.

Fine jo it nijsgjirrich? Dan freegje wy jo **foar 15 septimber 2020** te reagearjen.

Jo kinne dêrta kontakt opnimme mei prof. Dr. Thony Visser, lid Rie fan Tafersjoch, +31(0)6 53 34 72 82 of in mail stjoere nei wurkje@fryske-akademy.nl.

Akwisysje wurdt net op priis steld.

